

ARCHEOLOGYSK WURKFERBAN

Oantekens gearkomste Archeologysk Wurkferbân fan 6 febrewaris 2024

Oanwêzich: H. Baron, T. Spijkman, A. Visser, G. Hofstra, D. Bos, J. Kingma, E. van Aalst, R. Wildschut, J.P. de Groot, N. Koehoorn, A. Schoorstra, S.K. Steegstra, H. ???, G. Mast, G. van der Plaats, M. Keulen, S. de Roos, Y. van den Driest, T. Steenbeek, W. Hagen, R. Hoogeveen, G. Schotanus, R van ???, W. Schoorstra, E. Amsterdam, K. Tiemersma

Ofwêzich mei berjocht fan behindering: H. Komrij

1. Gelkje Schotanus iepene de gearkomste en hiet elkenien wolkom, yn it bysûnder Willem Schoorstra, sprekker fan de jûn.
2. Ynkommen stikken en meidielingen:
 - In oantal leden hat yn jannewaris dwaande west mei in opgraving yn de tsjerke fan Weidum;
 - Sible de Roos en Koos Tiemersma hawwe op 6 febrewaris in petear hân mei Josje van Leeuwen. Sy advisearret gemeentes oft it nedich is om archeologysk ûndersyk te dwaan by wurksumheden en siket gearwurling mei it AWFA om te helpen by it tafersjoch op wurksumheden rûnom yn de provinsje.
 - In kommisje yn Ketlik wol graach it plak fan de eardere tsjerke lokalisearje. Allyksa de lokaasje fan in fjildslachje yn de tiid fan Bommen Berend (1672). Men soe graach help hawwe wolle, mocht it komme ta in fjildûndersyk.
 - Sible de Roos freget noch omtinken foar it hastige ferstjerren fan ús lid Simen Schoustra.
3. Ferslach fan de lêsthâlden ledegearkomste op 30-11-2023: Gjinn opmerkingen.
4. Ynlieding fan Willem Schoorstra.

Kearn fan de ynlieding wie de stelling dat Hegebeintum yn de iere Midsiuwen it sintrum wie fan in machtsgebiet. Schoorstra ûnderboude dy stelling oan 'e hân fan fynsten dy't dêr dien binne. In soad dêrfan binne yn ferbân te bringen mei in elite dy't dêr taholden hawwe kin. Sa wiist er op de fynst fan in kostbere fibula, grêven fan hûnen en hynders.

Wiidweidich gie Schoorstra yn op de fynst fan in manljusgrêf mei grêfjeften dy't normaal sprutsen by in frou hearre, lykas in stikmannich moaie kralen. Sokke manlju waarden sjoen as sjamaan en beklaiden gauris in machtsposysje by de hearskjende elite omdat se oer spesjale en foarsizzende krêften hiene.

Paralellen waarden socht yn fynsten sa't dy dien binne yn Ingelân, Denemarken en Sweden. Dat jildt benammen ek foar oanwizingen dat de Wodan-kultus in

wichtich plak ynnommen hawwe kin te Hegebeintum. As boarne hat Schoorstra gebrûkmakke fan 'The Viking Way', in boek skreaun troch wittenskipper Neil Price.

Nei oanlieding fan it ynsjoch dat Hegebeintum it sintrum fan in machtsgebiet west hat, is Schoorstra mei in oantal oare inisjatyfnimmers dwaande en stiftsje in temapark, sa't dat yn Ribe (Denemarken) ek te finen is. Ek tinkt er oan in iepenloftspul dat te Hegebeintum opfierd wurde kin.

5. Omfreegjen:

- Hat it sjamanisme te krijen mei homofily? Dat is net ien op ien te sizzen, lit Schoorstra witte.

6. Ta beslút betanke de foarsitter Willem Schoorstra en oerlange him in kadobon mei dêrby it boek Diggelgoud. Tagelyk waard wiisd op de folgjende lêzing fan 11 april. Dy sil útsteld wurde, in nije datum folget letter.

Ferslach: Koos Tiemersma